

RAADSVRAAG

Fraach	fan: FNP Frjentsjerteradiel oan: it kolleezje fan boargemaster en wethâlders d.d.: 30-9-2014 foarm: skriftlik portefúljuhâlder: T. Twerda
Ynhald	<p><u>Underwerp: Untjouwings De Plint</u></p> <p><u>Oan-/ynlieding.</u></p> <p>Nei oanlieding fan earder troch ús stelde fragen hawwe wy fan jo as antwurd krigen dat Groenkwadraat bv gjin boete hoecht te beteljen foar it net neikommen fan de oankeap fan grûn by de sporthal yn Frjentsjer.</p> <p>No docht bliken dat dizze BV wol fan doel is sich yn te keapjen yn de saneamde eardere kantine fan de sporthal.</p> <p>Dit fernuvert ús om't der by de argumentaasje foar it net ynbarren fan de boete oanjûn waard dat Groenkwadraat bv troch de hjoeddeistige merk net foldwaande middels foarhannen hie om oan dy ferplichting foldwaan te kinnen.</p> <p>Yn de taljochting by it eardere foarstel foar ferkeap fan De Plint skriuwe jo op 31 jannewaris 2012 dat de kantine in funksjoneel part útmeitsje sil fan de te realisearjen Plint.</p> <p><u>Fraach:</u></p> <ol style="list-style-type: none">1. Hat Groenkwadraat no yn ienen wol foldwaande middels om sich yn te keapjen?2. Is der by ut beslút om de boete net yn te barren ûndersyk dien nei de finansjele situaasje fan Groenkwadradaat?3. Hokker bedrach hat Groenkwadraat krigen foar de sloop fan it gebou?4. Hoe is de hichte fan deze fergoeding bepaald? W ûntfange graach in ôfskrift van de offerte/rekken wêryn de kosten van de sloop ûnderboud wurde.5. It earste jier hat Groenkwadraat gjin hier betelle. Fanôf 1-2-2012 in rintefergoeding. Hoe heech is dizze rintefergoeding? Hokker % is hantearre?6. Wat is de motivaasje om in ekstra eigner hawwe te wollen foar de eardere kantine? De eardere doelstelling – realisasje van de Plint – is ferfallen. In ekstra eigner makket ús posysje swakker. Mocht dit net it gefâl wêze, fernimme wy dit graach.7. Foar hokker bedrach kin Groenkwadraat sich ynkeapje? Hoe is dizze ferkeappriis ta stân kommen?

Ynliding.

Oer de ûntjouwning en ôfrûning fan sportkompleks de Trije hat ús kolleezje de riedskommisje fan 16 febrewaris 2012 en 5 juny 2014 ynformearre (sjoch taheakke 1 en 2). Yn de riedskommisje fan 16 febrewaris 2012 is de rie ynformearre oer ferkeap fan de Plint, ferkeap kantine, wiziging Feriening fan Eigners, kosten fan partijen, oerienkomst oangeande sloop fan de Hertog van Saxenhal. Yn lêstneamde kommisje hat ús kolleezje benammen ynformaasje jûn oer de ûntbining fan de keapoerienkomst foar lokaasje de Plint. Mei ferwizing nei dizze eardere ynformaasje treffe jo hjirnei punt foar punt de beântwurding fan de fragen oan:

1.
Betterfit is op it stuit dwaande mei de finansiering. Foar dizze finansiering jildt, dat der omsetsifers oer in bepaalde perioade nedich binne. De ferwachting is, dat hjir ein 2014 dúdlikens oer is.
2.
Nee, foar de motivearring de boete net yn te barren ferwize wy nei de Memo fan 17 febrewaris 2014 (taheakke 2).
3.
Lykas bekend, hat de gemeente derfoar keazen om de sloop by ien partij ûnder te bringen, sadat der gjin ôfstimmingsferskillen ûntstean. It offrearre bedrach is € 95.000,00. Uteinlik binne de totale sloopkosten € 96.250,00, dêr't mearwurk yn opnaam is foar ekstra asbestsanearring by de sloopwurksumheden.
4.
De ynformaasje (oerienkomst) oangeande de sloop treffe jo as taheakke 3 oan.
5.
Yn artikel 18 Bysûndere betingsten fan de oerienkomst is opnaam, dat de ferrekening fan de rintefergoeding fan 1 jannewaris 2012 ôf plakfint. De hichte fan dizze fergoeding is basearre op in ridlike hierfergoeding fan € 500,00 de moanne. Oanfoljend op dizze betellingsôfspraak is mei Groen oerienkaam, dat dizze fergoeding (fan 1 jannewaris 2012 ôf) ferrekkene is of alle moannen yn rekken brocht is/wurdt.
6.
Yn de hjoeddeiske situaasje is de eardere kantine oerstallich. Mei de ûntwikkele bedriuwaktiviteiten fan de hear Groen is in sport learre en dêrmei passende funksje oan it totale kompleks taheakke. De eardere kantine sil as selsstannige ienheid ûnderdiel útmeitsje fan de Feriening fan Eigners. Ferkeap hjirfan kin allinnich

fia de Feriening fan Eigners. Yn dizze feriening is njonken de gemeente ek de KNKB eigner. De nije feriening bestiet dan út trije eigners. De gemeentlike posysje bliuwt as "grutste" eigner yn it kompleks hanthavene.

7.

Der is gjin sprake fan "ynkeapje", mar fan in eigendomsoerdracht binnen in Feriening fan Eigners. De oerienkommen priis foar it bedrach fan € 75.000 is op basis fan in taksaasjerapport fan bedriuwsmakelderij Schoonhoven ta stân kaam.

Taheakke 1: Ynfonota riedskommisje 16 febrewaris 2012 (Corsanûmer: 12.200347)

Taheakke 2: Riedsmemo 5 juny 2014 (Corsanûmer: 14.200605)

Taheakke 3: Taheakke by ynfonota riedskommisje 16 febrewaris 2012 (Corsanûmer:12.200071)